

## Antwurden Staveringsopdracht A 18 april 2015

A. De algemiene regel is: skriuwe wat der sein wurdt.

Utsûnderingen binne:

- t, e, n ynstee fan it, de, in of oarsom.
- wij ynstee fan wy (r. 2) en ferlykbere gefallen.

*Sawol de âlde stavering (fan 1980) as de nije stavering wurdt dit jier noch goed rekkene.*

As ien flater wurdt rekkene:

- yn 't algemien alle staveringsflaters
- it net of ferkeard brûken fan skerp- en breedtekens
- de stipkes op 'e ij dêr't dat beslist moat
- it skrapke yn wurden lykas dy't
- foarmen dy't wol goed Frysk binne, mar net yn 'e tekst steane
- it ferjitten fan in wurd.

As kwart flater wurdt rekkene:

- it al of net oaninoar skriuwen fan wurden, dêr't dat beslist ferkeard is.
- it ferkeard brûken fan oanheltekens, dûbelpunten, lytse letters of haadletters.

Net rekkene wurdt:

- it ferkeard brûken fan (punt-)komma's.
- itselde wurd of deselde foarm twa kear ferkeard, it twa kear ferkeard brûken fan oanheltekens, lytse letters of haadletters. Al dy gefallen wurde mar ien kear rekkene.
- te min / tefolle spaasje yn gefallen as dy't en yn 'e.
- twa flaters yn ien wurd wurde ien kear rekkene.

*By A wurdt útgien fan in noarm fan twa flaters de punt. Mocht dêr oanlieding ta wêze, dan kin de Eksamenkommisje dêrfan ôfwike.*

B. Ien punt foar elk goed antwurd. Mei-inoar 16 punten.

1.	a	5.	c	9.	a	13.	c
2.	c	6.	c	10.	b	14.	b
3.	b	7.	a	11.	a	15.	b
4.	a	8.	c	12.	a	16.	c

*By B wurdt útgien fan in noarm fan 75% goed (= 12 punten) is in foldwaande (5,5). Mocht dêr oanlieding ta wêze, dan kin de Eksamenkommisje dêrfan ôfwike.*

C. Ien punt foar elke goede ferbettering (op Iselmar yn r. 7 nei). As fetprinte wurden feroare wurde, krije jo dêr gjin punten foar (b.g. 'barchje' yn sin 3 wurdt: grieme), ek al binne se goed skreaun. As net-fetprinte wurden feroare wurde (b.g. 'soad' yn sin 4 wurdt: protte), wurde allinnich punten ôflutsen as de nije wurden ek ferkeard skreaun wurde. Sjoch ûnder A foar it berekkenjen fan oare flaters.

1. **Wolsto** (1) graach mei te **iefiskjen** (1) jûn?
2. De postdo wie **wurch** (1) fan it lange ein fleanen, hy wie **bliid** (1) dat er **thús** (1) wie.
3. Sân en wetter: alle **bern** (1) meie dêr graach mei **boartsje** (1) en **bargje** (1).
4. In soad **bedriuwen** (1) hawwe bot te lijen fan **ynternetwinkels** (1) en geane fallyt.
5. Nei it slimme ûngemak frege de man oan de plysje **oft** (1) syn auto noch te brûken wie.
6. Guon hoeken fan Fryslân binne as **wengebiet** (1) noch **populêr** (1), oare hoeken net sa bot mear.
7. Oan 'e **Iselmar** (0,25) is de wyn kâlder en fûler as yn 'e Wâlden.
8. De **psycholooch** (1) seach har ferheard oan en frege wat de **wierheid** (1) wie.

9. Jimme hawwe ek wol **heard** (1) fan dy **eksplaozje** (1) op dat **yndustryterrein** (1)?

10. Wa't simmerdeis op **fakânsje** (1) en fan hûs wol, moat goed neitinke **ear't** (1) er in hûsdier nimt.

*By C wurdt útgien fan in noarm fan 70% goed (= 14,175 punten) is in foldwaande (5,5). Mocht dêr oanlieding ta wêze, dan kin de Eksamenkommisje dêrfan ôfwike.*

*De trije sifers foar A, B en C wurde middele ta ien einsifer foar it ûnderdiel staveringsopdracht.*